

Noarm en learmiddels folwoeksene-ûnderwiis



Yn dit stik wol ik earst wat sizze oer de noarm fan it Frysk yn de ferhâlding ta oan 'e iene kant de folkstaal/omgongstaal en oan de oare kant de kultuertaal en oer de spanning dy't dat jout. Fierders oer in ûntwikkele en noch fierder te ûntwikkeljen noarm (standert) foar learmiddels foar folwoeksenen.

Wat de relaasje noarm—learmiddels oanbelanget it folgjende: yn learmiddels wurdt bewust of ûnbewust altiten in noarm hantearre. Dat kin wêze yn 'e rjochting fan it kiezen, it dwaan fan in kar, út ûnderskate *dialektvarianten*. It kin ek wêze it akseptearjen of ôfwizen, sels bestriden fan *barbarismen*, of leaver ynterferinsjes, yn ús gefal benammen de ynslûpsels út it Hollânsk, de hollannismen.

De winsk, ja de needsaak om in taalnoarm te hantearjen bestiet al sûnt Joast Halbertsma. As yn 'e rin fan 'e tiid it brûken fan it Frysk tanimt, krijet de diskusje dêroer mear reliëf. Yn 'e earste helte fan dizze ieu kinne sa likernôch twa stânpunten, streamings, ûnderskaat wurde, dy't kulminearje yn twa persoanen: Jan Jelles Hof en Douwe Kalma. Hof woe net in 'keunstle taal' brûke, mar útgean fan de libbene folkstaal: de folkstaal jout genôch, sa tocht him, en in ûntjouwing nei in mear standerdisearre taal is net nedich.

Kalma dêrfoaroer woe komme ta in kultuertaal, in taal dy't mei sin — keunstmjittich — útboud wurde moat, ynklusyf nijfoarmings en purismen. Dêr heart ek it konsekwint bestriden fan hollannismen by, ek al binne dy bewoartele yn 'e folkstaal.

Dy eleminten, dy fan it kultuer- en it folkstaalstribjen spylje yn 'e diskusje noch altiten in rol.

Lykwols, sûnt dy beide pommeranten hat him al wol in beskate tradysje ûntjûn, b.g. yn it ûnderwiis (kursussen en regulier ûnderwiis) en it bestjoerlik ferkear. Dêr bliek ferlet te wêzen fan ôfspraken oer wat al of net ta goed Frysk rekkene wurde kin. Dochs kin sein wurde, dat it Frysk noch altiten in aardich wat rommere noarm hat as de grutte kultuertalen om ús hinne. Dy hawwe in strakkere regeljouwing. Dat markearret de

maatskiplike posysje fan dy talen (as kultuertalen), mar ek fan it Frysk (tuskenposysje tusken kultuer- en folkstaal). Echte kultuertalen hawwe in frij krekt omskreaune noarm en tradysje opboud. Dialekten hawwe dat net en hawwe faak net iens in goed omskreaune stavering.

De standerdisearring fan it Frysk is dus oan 'e gong, net yn it minst omdat it yn oare domeinen as de wenstige, in plak krijet of noch krije moat.

Learmiddels

Learmiddels binne der foar it hiele ûnderwiis yn hiele Fryslân of sels dêr bûten (de AFUK hat op 't heden wer aardich wat kursussen bûten Fryslân). Dy moatte ûnderling gjin of net tefolle ferskillen sjen litte, wol der noch fan konsistint en konsekwint ûnderwiis praat wurde kinne. In goede learplanning en goede learprosessen binne allinne mooglik as der dúdlikens is, as der regels binne dy't troch de tiid hinne werom komme en befêstige wurde.

Ek it amtlik ferkear freget dúdlikens; op it mêd fan *terminology* en fan *wat al en net kin*. Ek by Radio Fryslân is dy winsk utere en wurdt der wat oan dien.

Yn de praktyk fan dit stuit funksjonearje foar it folwoeksene-ûnderwiis, benammen dus de AFUK (en dan tink ik net allinne oan de kursussen, mar ek oan de learmiddelproduksje), de beide hânwurdboeken min ofte mear as noarm foar it skriftlik brûken fan it Frysk. De diskusje út de earste helte fan de 20ste ieu en it stadium fan it allinnich te seil gean op de folkstaal lizze efter ús. It mear standerdisearre Frysk dat sûnt dy tiid yn skriftueren fêstlein is, en ek wol as model brûkt wurdt foar it praten, is wol bewoartele yn 'e folkstaal mar giet ek in eigen wei: it docht in *kar* út wat Frysk hjit. It Frysk hat sels in ynstitút foar *nijfoarmings*. It komt dan útsoarte wat losser te stean fan de folkstaal en benammen fan it ynterferearre omgongsfrysk, dus fan de taal dy't lang net yn alle domeinen goed funksjonearre en funksjonearje koe (ûnderwiis, offisjeel ferkear, media). Sa'n proses is, as it Frysk yn it offisjele

ferkear tanimt, en dat sil wol moatte wol it Frysk de takomst noch treast wêze, net omkearber.

Taalspegel

Ekspointen fan dat stribjen om it Frysk in takomst te jaan, binne b.g. it yn 1980 oprjochte Taalburo fan de Fryske Akademy en de kommisje Taalsoarch fan de AFUK, dy't sûnt 19 maaie 1978 warber is op it mêd fan it fersprieden fan geef idioom (b.g. yn advertinsjes) en op it mêd fan ynterferinsjebestriding. As eardere foarsitter fan dy kommisje en letter as gewoan lid haw ik it krewearjen goed folgje kinnen. De Taalspegelrubryk yn de Ljouwerter Krante wie ien fan ús earste konkrete produkten nei de minsken ta. It is in learmiddel — dêr't ik sa'n wurd om sis — dat ús alle dagen foarhâldt dat der geef Frysk en min Frysk bestiet. De minsken hawwe leard dat der noarmen, regels, binne foar it Frysk, ek al passe se dy sels net altiten like goed ta. Mar it jaan fan losse foarbylden, en dan benammen ek noch op leksikaal mêd, is te beheind. In mear systematyske opset waard, wat it ynterferinsjeferskynsel oanbelanget, nedich achte, benammen foar de wat âldere bern en folwoeksenen.

Nei mear as 20 wurkgearkomsten, as ik my net fersin (Pieter Breuker hat se allegearre teld), koene wy as taalsoarchkommisje mei dy mear systematisearre oanpak 'Foar de taalspegel', komme yn 1984. Earder wie it ferlet om oan ynterferinsjebestriding wat te dwaan fansels ek wol oanwêzich. Doe't ik AFUK-foarsitter wie, hat it in punt fan oanhâldend omtinken west. Doe't it 'Taalboek foar begjiners' dan ek hast oan syn 9de printinge ta wie (sa'n 25.000 eksimplaren moatte oan dy printinge foarôfgien wêze) haw ik Stienstra frege yn dy printinge hieltiten mar wer omtinken oan it ferskynsel te jaan. 16 lessen foar Suver Frysk hat er der doe bymakke. It boekje wurdt ek hjoed de dei noch fierwei it measte brûkt by de Leargong A fan de AFUK. As ferfolch dêrop haw ik Stienstra frege wat him tocht fan in *nij taaleigenboekje*. Der wie nei myn betinken te min brûkber

materiaal foar de folwoeksene-kursussen. Ik haw him frege 'Ken jim Frysk' fan Douwe Kalma ris te besjen en it Frysk Taeleigen-boekje I (It túch derút) en II (It goede krûd) fan S.W. Douma (dat wie in skûlnamme foar Kalma, hy hie in publikaasjeferbod) ris te besjen op har wearde foar in nije printinge. Stienstra woe dat leaver net allinnich dwaan. Mei J.W. de Vries en G. de Vries fan Drachten hat er se besjoen. It advys wie dat de boekjes ryklik slim en hjir en dêr nochal wiidweidich wiene yn har oanbod fan minder bekend of mooglik ferâldere idioom.

Mei har trijen hawwe se doe 'De Stipe' skreaun, op basis fan learboekjes fan Kalma, Tamminga en Wadman. De A-lesse besteane út oefenings mei wurden dy't faak trochinoar helle wurde (b.g. loft, lucht, slim, muoilik). De B-lesse binne in-soarte fan oerlappingen mar ek wol útwreidingen fan de Suver Frysk-lesse út it bekende Taalboek. De C-lesse jouwe taaleigen oer ûnderskate mêden fan it libben. Yn dy lêste lesse sit nochal wat fan Kalma.

'De Stipe' wurdt in protte brûkt njonken it 'Taalboek foar begjanners', mar ek wol njonken 'Frjemd wurdt eigen I en II' fan Van der Woude, boekjes foar de net-Frysktaligen. Nêst it 'Taalboek foar trochsetters' (Fryslân B) en yn de oplieding foar de Fryske Akte sjocht men it lykwols ek faak.

Mei Gjalt Jelsma, taalkundich meiwurker fan de AFUK, bin ik op 't heden dwaande in nije metodyk gear te stellen foar de B-oplieding. Sawol 'De Stipe', as 'Foar de taalspegel' sille dêr in ûnderdiel fan útmeitsje, sadat it idioom en in systematysk oersjoch fan ûnderskate soarten ynslûpsels nei ús betinken dêr goed har gerak yn krije. Wy dogge sadwaande hiel wat oan noarmbesef en geef Frysk.

It sil aanst de earste leargong wêze dêr't, sa't Breuker woe, de ynterferinsjeproblematyk yn syn ferskillende fasetten (leksikaal, morfologysk, fonologysk, syntaktysk, semantysk en pragmatysk) systematysk oan 'e oarder komt.

No wer efkes werom nei de noarm. As AFUK-foarsitter en oplieder foar it

didaktysk foech, en as begelieder fan AFUK-kursussen kamen en komme der in protte fragen en opmerkings op jin ôf dy't te krijen hawwe mei de fraach: *hokker* Frysk moatte wy *wannear* oanleare? *Hokker kar* moatte wy dwaan en wat binne dêr de kritearia foar? In learplan, dêr't soks yn oan 'e oarder komt, hie en hat de AFUK net. De ûnwissens yn it fjild moast lykwols wat oan dien wurde. In pear lytse foarbyldsjes út hiele rigen. 'Dat lestige tiidwurd', in by hast alle kursussen brûkt tiidwurdeboekje hantearret foar de ferbûging yn de twadde persoan inkeltal doetiid: stapst(e). Der binne lykwols mear bûgingsfarianten mooglik as dy't Stienstra yn dat boekje jout. Van der Woude jout yn syn 'Frjemd wurdt eigen I en II' allinne de fariant 'staptest'. In oare AFUK-skriuwer en AFUK-autoriteit, Zantema, hold it yn syn staveringsboekje op 'stapteste'. Oer konsistinsje, konsekwintens en didaktyske opbou sprutsen.

Ik neam no in oar foarbyld, in tiidwurd dat ek sterk ferbûgd wurde kin. Stienstra seit fan it tiidwurd 'krûpe' dat de doetiid 'krûpte' wêze kin mei as mulwurd 'krûpt'. Dêrnjonken jout er ek de fariant 'kroep' mei as mulwurd 'krûpen'. Van der Woude jout yn syn boppeneamde metoade allinne 'krûpte' en 'krûpt', wylst Zantema fan betinken is dat it mulwurd 'krûpt' likegoed by 'krûpte' past as by 'kroep'. Fan 'krûpen' is gjin sprake. Tel uit je leerwinst.

Mar net allinne de lesjouwers fan de Afûk hawwe te krijen mei de problemen fan de regeloerdracht. De taalkundige ôfdieling fan 'e AFUK hie en hat gelikense problemen by de korreksje en redaksje fan learmiddels. Dêrom bestiet sûnt 11 maart 1985 njonken de kommisje Taalsoarch in *taalnoarmkommisje* by de AFUK dy't advizen oan de AFUK en har bestjoer útbringt oer *kritearia* foar it dwaan fan in kar. It doel is dat ek oare ynstellings, bg. Provinsiale Underwiisried, Ubbo Emmius en MSU kundskip nimme fan it wurk fan dy kommisje en dêr kommentaar op leverje. De kommisje bestiet op it stuit út Anke de Vries en Gjalt Jelsma fan de taalk.

ôfd. fan de AFUK, Rienk de Haan fan it Taalburo, Hindrik Sijens en Klaas van der Veen fan de wurdboekstêf fan de Fryske Academy, Wys de Jong fan it MSU, Pieter Breuker as universitêr dosint mei grutte belangstelling foar de noarmproblematyk en lid taalsoarchkommisje, Jan van der Burg foar it AFUK-bestjoer en iksels.

Op 14 juny 1985 hat it Algemien Bestjoer fan de AFUK, mei troch it wurk fan de kommisje Taalnoarm, in earste beslút nommen dat ynhâldt dat de uterste grins fan wat der op troch kin yn útjefte, beskaat wurdt troch de nije hânwurdböeken, teminsten foar safier't it net giet om dúdlike flaters, tsjinstridichheden en (spesjalistyske) wurden dy't net yn dy hânwurdböeken opnommen binne. Jout it wurdböek mear mooglikheden dan is in kar faak net te kearen en rikkemantearret de AFUK oan om de meast Fryske foarm oan te hâlden en de distânsje mei Hollânske foarmen sa goed mooglik te bewarjen. Ek it soarte fan boek kin mei bepale hoe't keazen wurdt.

Regels

In pear foarbylden fan it jaan fan regels:

1. by de je-tiidwurden de -e- yn 'e ferbûging konsekwint oanhâlde: dus hy *leveret*, hy *hinderet*. In lytse taljochting dy't jûn wurde kin: Beide foarmen: 'leveret en levert', 'bongelet' en 'bongelt' wurde skreaun, mar de earste *frekwinter*. De twadde foarm komt oerien mei it Hollânsk en mei de Fryske foarm by e-tiidwurden (hy hapt). Oan bongelt is net mear te sjen oft it in -je of in -e-tiidwurd is. Dat wurket betizing yn 'e hân. Regel: allinne de *earste* foarm falt binnen de noarm;
2. sa is der ek in foarkar foar de sterke tiidwurdsfoarm boppe de swakke ferbûging as beide tastien binne;
3. de brekking safolle mooglik oanhâlde: b.g. bruorren, yn pleats fan broers, iennichste y.p.f. ienichste, organisearre y.p.f. organiseard. Yn dat lêste gefal is der dus in dúdli-

- ke foarkar foar de -earje fariant. De frekwinsje op skrift foar de earje-fariant leit dúdlik it heechst;
4. wurden op -ing safolle mooglik mij-e, dus net: de fêststelling fan de oantekens, mar: it fêststellen, it iepenjen, it sluten;
 5. fan eigenskipswurden op *skrift* de k net amputearje, dus net Frysk, mar Frysk, net Hollânsk mar Hollânsk, Ingelsk, âlderwetsk, humoristysk, typysk. As men dêr gjin oarder yn hâldt kriget men soms in rare betizing. Sa fûn ik yn in boekje fan Bouke Oldenhof, Staveringsoefenings skreaun foar it fuortset ûnderwiis (yn it ramt fan it projekt Learplannen en Learmiddels Frysk yn it fuortset ûnderwiis) 20 x de foarm Nederlânsk (sûnder k dus) en 9 x mei k, 1 x Hollânsk, 1 x Ingelsk (sûnder k), 1 x Frânsk (mei k) en wer 1 x Amerikaansk (sûnder k). Oer learplanning sprutsen. Tel út je winst, soe'k wer sizze kinne;
 6. in lêste foarbyldsje: By ferlytsingswurden dêr't twa foarmen tastien binne, b.g. listje en listke, kastje en kastke, wurdt de k-foarm yn prinsipe oanhâlden.

Op dit stuit is ús kommisje op basis fan in stik fan de wurdboekkenner Klaas van der Veen dwaande alle karmooglikheden systematysk te besjen dy't it wurdboek jout. Oant no ta dogge sa'n 100 typen har foar. By elts type wurdt in regel útsteld. Dy kin ynhâlde: wat it wurdboek jout falt binnen de noarm, mar de regel kin dy kar ek dúdlik beheine. It giet te fier om hjir alle 100 gefallen nei te rinnen. In wichtich kritearium by dy kar is gauris *de frekwinsje op skrift*. By de Fryske Akademy fynt men de kennis dêrfoar. Wy hoopje op dizze wize in bettere trochgeande line, in bettere learplanning oanbringe te kinnen yn it oan te learen Frysk. Ik slút ôf mei in nei myn betinken krusiale opmerking fan Pieter Breuker yn syn artikel 'De takomst fan it Frysk: standerdisearje of fierder ferhollânskje?' (Scripta Frisica, tinkbondel foar Arne Spenter, 1979): 'De faaie posysje fan it Frysk kin allerhanne privee-opfettings oar de noarm net ferneare. Yn stee fan te

Taalnoarm AFUK

Beslút oangeande de taalnoarm fan de AFUK. Fêststeld troch it AB fan de AFUK, 14 juny '85.

As ynstitút dat taalkursussen organisearret en eksamens ôfnimt is der by eksaminatoaren, lesjouwers en kursisten fan de AFUK ferlet fan dúdlikens oangeande wat foar geef Frysk trochgean kin en wat net.

As ûnderwiisútjouwerij wurdt fan de AFUK ferwachte dat dy goed Frysk brûkt en oaren ta in foarbyld wêze kin. Dêrom sil de AFUK yn syn útjeften in beskate noarm oanhâlde moatte, dy't ûnôfhinklik is fan wa't de skriuwer of de oersetter fan in bepaald boek is.

Dêrom is no it folgjende besletten:

1. No't der in nij hânwurdboek is, wurdt dat oanhâlden foar wat der op troch kin en wat net, foar safier't it alteast net giet om dúdlike flaters of tsjinstridichheden of om (spesjalistyske) wurden dy't yn it hânwurdboek net opnommen binne. It hânwurdboek jout oer 't generaal in frij brede taalskat. Dûbelfoarmen, dy't troch ynterferinsje mei it Hollânsk ûntstien binne, binne foar in part opnommen. Wat al ynboargere is en der as Frysk op troch kin bliuwt in subjektive saak. Der moat altyd earne in grins lutsen wurde. It wurdboek hat dy grins noch al rom lutsen. As AFUK sille wy ús dêr by del lizze en ús der no fierder ek oan hâlde moatte. It wurdboek heart foar ús it útgongspunt te wêzen en in binend foarskrift foar elkenien dy't foar de AFUK wurket.

Sadwaande sille wurden as ergens yn stee fan earne, nergens foar nearne, kater foar boarre, w.c. foar húske, Hollânsk foar Hollânsk, kring foar rûnte, en deksel foar lid net mear tastien wurde yn AFUK-útjeften.

2. Yn gefallen dat it wurdboek mear mooglikheden jout, wylst de iene dúdlik Frysker is as de oare, wol de AFUK leafst de meast Fryske foarm oanhâlde. Dat is lykwols gjin foarskrift, mar in oanrikkemandaasje. Elkenien bliuwt frij him dêr al of net oan te hâlden. Dat kin fansels ek fan it soarte fan boek en fan de sitewaasje ôfhingje.

In taalnoarmkommisje fan de AFUK is dwaande mei in oersjoch, dêr't fan gefal ta gefal yn oanjûn wurdt hokker foarm oanret wurdt.

Om in pear foarbylden te neamen: by je-tiidwurden de e- yn 'e ferbûging oanhâlde: hinderet, leveret, iepenet, befestiget; foarkar foar sterke boppe swakke ferbûging yn gefallen dat beide tastien binne; de brekking safolle mooglik oanhâlde (organisearre yn stee fan organisearde); wurden op -ing safolle mooglik mij-e; it iepenjen, it sluten, it fêststellen, ensfh.

Dat oersjoch sille alle lesjouwers, skriuwers en oersetters hawwe moatte, mei it fersyk harren dêr safolle mooglik oan te hâlden.

krewearjen foar *ûnderskate soarten fan Frysk*, sille wy krekt ta moatte op in *fierder bouwen oan de standert*. Dat is ien fan 'e betingsten ta it behâld fan it Frysk. (s. 61).

S.T. Hiemstra

Jeften foar it Learmiddelfûns

Ferline jier is de Stifting AFUK-Learmiddelfûns troch de ynspeksje fan 'e registraasje en suksesje erkend as in ynstelling mei in goed doel, dêr't jeften oan tamakke wurde kinne, dy't troch belestingplichtigen ôflutsen wurde kinne fan it belestbere bedrach. Wa't it AFUK-Learmiddelfûns stypje wol kin dus belestingfrij jeften of legaten oan dat fûns tapartsje.